

## 18. De Fryske Medley 2

Wat bisto leaflik, rizende simmermoarn!

't Opgeande sintsje laket my oan.

't Hoantsje kraait: kûkelû! ` t Doke ropt: rûkûkû!

Ik wol ek sjonge fleurig fan toan.

Alles wat libbet docht der no sines by:

Fôltsjes en kealtsjes hynders en kei.

Guoskes, dy snetterje, skiepkjes, dy bletterje.

Lamkes, dy springe nuvere blij.

Der't de noardsee weagen spiele oan it strân,

Der't de bûterblommen bloeie'yn t'griene lân,

**Der't de kobben krite, skril yn't stoarmgerûs,**

**Dêr is myn lânsdouwe, stie myn âldershûs 2x**

Yn it Dokkumer lokaaltsje, siet men rom it hiele ein.

En it wie dêr sa smûk as men siet yn 'e hoek, oh wat wie dochs dat tramke  
soms fijn

Dan komt de maitiid, maitiid yn it lân.

Dan laket alles, alles jin sa oan. De moaie maitiid mei syn blauwe loft,

**is foar minsken en foar blom grif it moaiste skoft 2x**

Dat wie wer boppe, dat wie in boppeslach.

Wat wie die bal rekke, dat wie gjin misstekke.

Dat wie wer boppe, dat wie in boppeslach.

Jou ús noch in slokje, want it is noch lang net nacht.

Moai sûnder wergea binne de Wâlden:

Smûkskaedsjend beämtégrien ôeral yn 't roun,

Blierlaeitsend boulân, tierige greiden,

Sjongende fûgels, sânnich de groun.

Sjongende fûgels, sânnich de groun.

Moai sûnder wergea binne de Wâlden:

Smûkskaedsjend beämtégrien ôeral yn 't roun,

ôeral yn 't roun, yn 't roun,

ôeral yn 't roun,